

Benearyjende bondel fol mei symbolyk

Tsien jier nei it ferskinen fan syn earste ferhalebondel, *Tusken himel en hel*, komt Jabik Veenbaas (1959) op 'e nij op 'e lap mei in ferhalebondel: *De brulloft fan Valentijn*. Veenbaas is benammen bekend as kritikus by de *Leeuwarder Courant* en as oersetter. Yn 1999 krige er de Obe Postma-priis foar syn Hollânsktalige oersettings fan Obe Postma syn fersen.


GERBRICH VAN DER MEER

Dizze twadde ferhalebondel wêryn't Veenbaas dryst mei foarm en ynhâld eksperimentearret, mei der lykwols ek wêze.

Jabik Veenbaas set yn mei it ferhaal De weromreis, in fertelling wêryn't in man foar it earst allinnich op fakânsje giet nei it ferstjerren fan syn frou. Yn in prachtich fûne trijelûk makket de haadfiguer symbolysk op trije ferskillende wizen in (werom)reis.

Yn de earste fertelling makket de ik-persoan in weromreis yn de tiid: hy belibbet de leafdefolle skiednis mei syn frou en it ferlies fan har op 'e nij. Yn de twadde fertelling makket de 'ik' in weromreis nei syn ynderlik: yn it besjen fan al it pracht en praal op syn fakânsje yn Rome, wurdt er folslein weromwurpen op himsels. Yn it tredde ferhaal ûndergiet de 'ik' de fleanreis werom nei hûs. Yn dy fleantocht komt er ta de konklúzje dat syn frou yn alles oanwêzich bliuwt.

It ferhaal De weromreis uteret him kompositoarysk yn trije aparte fertellings dy't elkoar ôfwikselje. Veenbaas lit de ferhalen net allinnich tematysk op elkoar reageare, mar ek assosjatyf. De symbolyk spilet dêr fannijs in grutte rol. In fazant, dy't yn it iene ferhaal teheistere op 'e dyk leit troch tadwaan fan in hûn, wurdt yn in oar ferhaal symboal foar de haadfiguer, dy't yn in freeslike dream oanfallen wurdt troch inselde bist mei 'blinkende toskan'. De wurden 'ik hâld fan dy' dy't yn it hiele ferhaal yntrinsyk al trochkinke, komme oan de ein fan it ferhaal letterlik hiel oandwaanlik oan it ljocht.



Skriuwer, oersetter en kritikus Jabik Veenbaas

Foto: Winfried Andringa

Typografysk wurkje de trije ferskillende lettertypen dy't er yn Weromreis foar de ferskillende ferhalen brûkt goed ûnderskiedend, de ivige trije punten tusken de sinen (...) liede de lêzer lykwols te folle ôf.

Bitter

It ferhaal De weromreis is tear fan karakter en taast jo djip yn it moed. Hiel oars fan aard binne Veenbaas syn fierdere ferhalen. Wat it ferhaal De jonge en it wetter oanbelanget, dat oer de seksuele ûntjouwring fan in skoaljonge ta folwoeksen man giet, falt it noch wol ta. De ferhalen dêrnei binne lykwols folle wreder en bitterder fan aard. Sa giet it ferhaal 'De brulloft fan Valentijn' oer in psychysk stoar-

de jonge, dy't himsels tekoart dwaan wol. Syn famylje besiket kontakt mei him te krijen, mar de jonge jout net thús: syn sykliske wantrouwen sit te djip. Veenbaas konfrontearret yn dit ferhaal twa wrâlden mei elkoar: yn de rinnende tekst praat de 'ik' himsels yn dialoach mei in imazjinêr famke al hallusinearjend nei in brulloft ta. De lêzer komt lykwols stadichoan ta it ynsjoch dat der him yn it ferhaal in grut drama ôfspilet.

In sterk foarbyld dêr't foarm en ynhâld prachtich mei elkoar ferbûn binne, is it ferhaal 'Dy groede ûnder dyn each'. As de 'ik'-figuer yn dat ferhaal heart dat syn heit slim siik is, komt it ferline him as in 'otterjende swalm' oer de lippen. Yn hieltyd agressivere bewurdings ko-

arret de 'ik' syn ferline mei syn heit út, dêr't gjin plak is foar siken: 'EN OEPERDEPOEP ZAT OP DE STOEP dat wie wol in ôfdijer foar dy hin dat ik net fuotbalje koe de soan fan de grutte johannes van der poel dy't net fuotbalje koe dat ik sjitten leare moast datst sneons me my nei it fjild gongst om te oefenjen mar ik skiet yn 'e broek foar dy koe fan 'e senuwen gjin bal reitsje dan krige ik in raam'.

It roppen en razen fan syn heit droane hieltyd faker troch syn weterfal oan wurden hinne: NET JANKE. De befelen feroarje yn it ferhaal lykwols fan funksje. Wiene it earst de 'ik' en syn mem dy't de ferneferingen ûndergean moasten, no moatte de befelen de haadpersoan sels yn 'e stokken hâlde. It wurdt dúdlik dat er de erfenis fan syn heit -as er it no wol of net- yn syn hiele hâlden en dragen meitôget.

Symbolyk

Veenbaas syn leafde foar symbolyk komt ek dúdlik ta utering yn syn lêste trije ferhalen. Yn de ferhalen De grot en Totum wurde de begripen swak en sterk befrege.

Sa moetsje yn it ferhaal De grot in geastlik brutsen famke en in fysyk brutsen jonge elkoar. Jennifer, wat safolle bestjut as 'fruchtber', jout har letterlik en figuerlik bleat troch de jonge yn har grot ta te litten. Har appél op syn teare punt kin er lykwols net oan en as reaksje dêrop skeint er har oant trije kear ta.

It ferhaal Weitsje oer my dat yn deiboekfoarm getten is, is in swakke skeakel yn it gehiel. Yn 't earste plak komt de ik-figuer dy't, brutsen troch leafdesfertriet, himsels ferlie-de litten hat ta anorexia nervosa, net oertsjûgend oer. Tagelyk is it ferhaal te wiidweidich.

De ferhalebondel De brulloft fan Valentijn kin beskôge wurde as in ferrassende oanfolling op it besteande ferhalebûk. Veenbaas is kreatyf wat foarm en ynhâld oanbelanget en troch syn eksperimenten komt er regelmjittich ta hiel nijsgjirrige risseltaten. De brulloft fan Valentijn is gjin boek dêr't jo fleurich fan wurde. It jout lykwols wol in goed idee fan wat in traumatysk barren foar gefolgen hawwe kin foar de minske. Hoewol't de taal fan de symbolyk yn guon ferhalen der wolris wat te folle boppe-op leit, makket it de measte ferhalen allinnich mar yntrigearjender.

Hjir besprutsen:

De brulloft fan Valentijn, Jabik Veenbaas, Friese Pers Boekeryj, Ljouwert, 27,50 gûne.